


Tink dy tûk!


Filosofearje mei it boek Jou my de romte!



INHOUDSOPGAVE

1. IT BOEK 'JOU MY DE ROMTE'
2. YNFORMAASJE FILOSOFEARJE MEI
FILOSOFYSKE FRAGEN
3. FILOSOFEARJE MEI FILOSOFYSKE FRAGEN
4. WAT IS PESTEN?
5. WAT IS FREONSKIP?
6. WAT IS NIKS?
7. WAT IS IT HIELAL?
8. YNFORMAASJE FILOSOFEARJE MEI
STELLINGEN EN DILEMMA'S
9. JA JONGU, NEE JUH!
10. HARREKRATES!





IT FERHAAL: JOU MY DE ROMTE

IT FERHAAL FAN IT LÊSBOEK JOU MY DE ROMTE YN DE FINZENIS HAT ANNO N. SYN FERHAAL OPSKREAUN. IT IS NET SA'N MOAI FERHAAL. IT GIET OER SYN TIID YN GROEP 7. DAT WIE IN ROTTIER. HY WAARD PESTEN. ALLE DAGEN. PESTEN IS IN RAMP EN KIN YNFLOED HAWWE OP DYN HIELE FIERDERE LIBBEN. SA EK BY ANNO, IT GIE SAFIER DAT HY NO YN DE BAK SIT. DÊROM HAT HY SYN FERHAAL OPSKREAUN, OM SJEN TE LITTEN HOE'TST YNIENEN PEST WURDE KINST, HOE'T DY DAT FERNIELE KIN. MAR EK HOE'TST DER MISKIEN WER ÚTKOMME KINST. TROCH TE PRATEN MEI FREONEN, MEI ÂLDEN, MEI LEARAREN. BY ANNO IS DAT NET SLAGGE. DÊROM BESTIET IT BOEK ÚT TWA DIELEN. YN IT EARSTE PART FERTELT ER SA'T IT GIEN IS. HOE'T IT MISGIE EN HOE'T IT HIELTYD MINDER GIE. OP 'E HELTE FAN IT BOEK GIET IT FIERDER YN IN OAR LETTERTYPE. DAT IS IT DIEL SA'T ANNO GRAACH WOLLE SOE DAT IT FIERDER GIEN WIE. IN FERHAAL DAT GOED ÔPRINT. WANT FOAR ALLES IS IN OPLOSSING, PESTEN KINST ECHT OPHÂLDE LITTE.





YNFORMAASJE FILOSOFEARJE MEI FILOSOFYSKE FRAGEN



DE LEARLINGEN FILOSOFEARJE MEI-ELKOAR OAN DE HÂN FAN FILOSOFYSKE FRAGEN.

WATFOAR GEDACHTEN KOMME DER BY HARREN OP EN WAT FOAR BYLDEN SMYT IT TINKEKSPERIMENT OP?

YNLIEDING

GEAN MEI DE LEARLINGEN YN 'E RÛNTE SITTE EN LIS DE FILOSOFYSKE TINKMATTE YN DE MIDDEN. LÊS IT FRAGMENT KLASSIKAAL FOAR.

KEARN

LÊS DE FILOSOFYSKE FRAACH LÛDOP FOAR. STIMULEARJE DE LEARLINGEN OM EARST NEI DE TINKEN OER DE FRAACH EN DAN ANTWARD(EN) TE JAAN. JOU DJIPGONG OAN IT PETEAR TROCH TUSKENTROCH REGELMJITTICH SOKRATYSKE FRAGEN TE STELLEN. HAST IT GEFOEL DAT IEN FILOSOFYSKE FRAACH FOLDWAANDE BEÄNTWURDE IS? STEL DAN DE FOLGJENDE FILOSOFYSKE FRAACH.

OFSLUTING

SLÛT IT PETEAR ÔF AS DE KONSINTRAASJE OP IS EN/OF DE PLANDE TIID FOARBY IS. BRÛK FOAR DE ÔFSLUTING DE KONKLÛZJE- EN EVALUAASTEFRAGEN.

TIPS

*AS DE GROEPSGRUTTE TUSKEN DE 20 EN 30 LEARLINGEN SIT, KINST DER EK FOAR KIEZE OM TE WURKJEN MEI IN BINNENEN IN BÛTENRÛNTE. DE BÛTENRÛNTE FOLGET IT PETEAR FAN DE BINNENRÛNTE EN KIN IN TAAK KRIJE OM BYGELYKS TE

LETTEN OP DE FILOSOFYSKE HÂLDING FAN DE LEARLINGEN FAN DE BINNENRÛNTE EN DÊR BY DE EVALUAASJE FEEDBACK OP TE JAAN. HEALWEIS WIKSELJE DE GROEPEN DÊR 'T DE TWADDE GROEP BY TROCHGIET WÊR 'T DE EARSTE GROEP STOPPE IS.

*BY IN GRUTTE GROEP KINST DER EK FOAR KIEZE OM DE LEARLINGEN EARST YN LYTSE GROEPKES FILOSOFEARJE TE LITTEN. PRINTSJE DE FILOSOFYSKE FRAGEN DAN ÛT EN JOU ALLE GROEPKES IN STEAPELTSJE. IEN-FOAR-IEN DRAAIE SE IN KAART OM, LÊZE SE DE FRAACH EN PRATE SE DÊROER.



WAT IS PESTEN?

MOAST PESTEN
FERTELLE?

OAN MYN HEIT EN MEM
HA IK IT NOCH NET
FERTELD. SY SOENE IT
DOCHS NET BEGRIPE.



HOE'T IS SAMAR KIN WIT
IK NET, MAR NO'T IK
IEN KEAR OAN IT PRATEN
BIN WOL IK EK ALLES
KWYT.

IS IT GOED OM OER
PESTEN TE PRATEN?

AS IK HAR FERTEL DAT IK
JUST PESTEN WURD TROCH
DE GROEP, FYNT SE MY
GRIF IN DOWNY.

BIST IN DOWNY AST
PESTEN WURDST?

KINST PESTEN ALLINNICH
SNAPPE AST IT SELS
MEIMAKKE HAST?

STEL DATST ALTYD IN APP-
BERTOCHT KRIGEST OER WAT
DER OER DY SEIN WURDT?

MISKIEN SNAPT IRIS IT
BETTER. IRIS WURDT ALTYD
AL PESTEN.

WAT IS FREONSKIP?



KINST FREONEN WÊZE
MEI IEN DY'T NEA
PRAAT?

JOLT IS DE IENNICHSTE DY'T
EK WOL WAT WIT FAN DE
ROMTE. MAR MEI JOLT
KINST GJIN FREONEN WÊZE,
DY SEIT NOAIT WAT.

WANNEAR IS IEN
DYN FREON?

KINST FREONEN WÊZE MEI
IEN DY'TST NEA SJOCHST?

IT IS LEUK OM IN FREON TE
HAWWEN, MAR DAN FOARAL
OMDATST DESELDE DINGEN
LEUK FYNST. DAN KINST
PRATE, DINGEN BETINKE EN
LAITSJE.

MOAT IN
FREON ITSELDE
WÊZE AS DY?

MOAST FREONEN
HA?

IT EARSTE DAT IK
DWAAN MOAT IS
FREONEN MEITSJE.

HOE SOE DE WRÂLD DERÛT
SJEN AS ELKENIEN MEI
ELKENIEN BEFREONE WIE?

KINST IN FREON
PESTE?

WAT IS NIKS?



KINST NIKS
WÊZE?

LIT MY MAR
NIKS WÊZE.

IS NIKS
GIFTICH?

IS NIKS
BELANGRYK?

NIKS KLINT
AS FERGIF.

NIKS IS DE BAAS.
SÛNDER NIKS SOENEN
WY NET BESTEAN
KINNE.

HAT NIKS GJIN
BEGJIN EN
GJIN EIN?

HOE SJOCHT
NIKS DERÛT?

NIKS HAT GJIN
BEGJIN EN
GJIN EIN.

NIKS IS
ÛNSICHTBER EN
NET FÊST TE
PAKKEN.

KINST NIKS
FÊSTPAKKE?

WAT IS IT HIELAL?

WAT IS DER EFTER DE EFTERSTE STJERREN ?

WÊROM BESTIET IT HIELAL ?



WAT IS STERKER, DE WYN OFT DE SINNE ?

WA IS DE BAAS FAN IT HIELAL ?

MOATTE WY SUNICH WÊZE
OP DE WRÂLD ?

BLZ. 67 DE KEAMER IS IEN GRUT HIELAL!
OERAL OP DE GRÛN EN OP LYTSE TAFELTJES
EN KUBUSSEN STEAN SPACE SHUTTLES,
ROMTEFARTUGEN, SPACE STATIONS,
SWEVENDE PLATFOARMS, SHUTTLES, HUBS EN
WIT IK WAT ALLEGEAR. LINKS EN RJOCHTS
HINGJE BOLLEN YN DE LOFT. PLANETEN EN
MOANNEN.

IS IT GOED OM IT HIELAL TE ÛNTDEKKEN?

BESTEAN DER OARE WRÂLDEN ?

HÂLDT DE WRÂLD OAIT OP TE BESTEAN ?

WAT IS IT FERSKIL TUSKEN IN
DREAMEWÂLD EN IN WRÂLD ?

AS DER GJIN MINSKEN MEAR BINNE , IS
DER DAN EK GJIN WRÂLD MEAR ?

FILOSOFEARJE MEI STELLINGEN EN DILEMMA'S

JA JONGU! NEE JUH!

DE LEARLINGEN FILOSOFEARJE MEI-ELKOAR OAN DE HÂN FAN STELLINGEN ÉN DILEMMA'S. BINNE SE IT GAU MEI ELKOAR IENS, OF RINNE DE MIENINGEN FIER ÚT ELKOAR? BEGRIPE SE ELKOAR EK BETTER TROCH NEI GOED PETEAR, OF BLIuwe DE MIENINGEN FIER ÚT ELKOAR?

DE TITEL 'JA JONGU, NEE JUH!' FERWIIST NEI DE MEGALETTERS OP IT GERJOCHTSGEBOU YN IJOUWERT.

JA JONGU, NEE JUH! IS ÛNDERDIEL FAN IT PROJEKT SICHTBERENS (LF 2018) EN FERWIIST FANSELS NEI DE DISKUSJES YN DE RJOCHTSEAL, MAR EK NEI DE DISKUSJES OP IT SAATLÂN (IT PLEIN FOAR DE RJOCHTBANK), DÊR'T IN SOAD MINSKEN ELKOAR TREFFE BY DE FREEDSMERK, YN IT FRIES MUSEUM OF OP IT TERRAS.



TARIEDING

LIS DE FILOSOFYSKE TINKMATTE OP 'E GRÛN EN FERDIEL DE SIRKEL YN TWAEN MEI IN STIK TOU. OF MEITSJE IN SIRKEL OP 'E GRÛN MEI IN STIK TOU OF KRYT EN LIS IN STIK PAPIER MEI JA JONGU! YN DE IENE HELTE FAN DE SIRKEL EN IN STIK PAPIER MEI NEE JUH! YN DE OARE HELTE. LIT DE LEARLINGEN PLAK NIMME YN 'E RÛNTE.

YNLIEDING

LÊS IT FRAGMENT KLASSIKAAL (FOAR): 'MAR NO FERoarJE SE FAN TAKTYK. SE JEIE MY NET FUORT, MAR SE SYKJE MY OP. SITTE OAN MY, TRIUWE MY, ROPPE MYN NAMME. SE DOGGE ALLES OM MYN OANDACHT TE KRIJEN. EN AS IK DAN TOCH IN KEAR OPSJOC, KOMT DER FUORT IN ROTAKSJE ACHTEROAN. JUSTER PRATE KEVIN SA LANG TSJIN MY, DAT IK TOCH MAR IN KEAR ACHTEROM SEACH, OER MYN LINKERSKOUDER. FUORT KRIGE IK FAN DE OARE KANT IN BEUK YN DE NIEREN FAN MENNOLT. FAN DY DINGEN.'



KEARN

FERTEL DE LEARLINGEN DAT JIM FILOSOFEARJE SILLE OAN DE HÂN FAN STELLINGEN EN/OF DILEMMA'S. NEI IT FOARLÊZEN FAN DE STELLING OF IT DILEMMA KRIJE SE FIF SEKONDEN TINKTIID. LIT SE DÊRNEI NEI DE KANT FAN HAR ANTWARD TA RINNE. IT IS FAN BELANG DAT DE LEARLINGEN OM DE SIRKEL HINNE STEAN BLIuwe, SADAT SE ELKOAR HIELTYD OANSJEN KINNE. FREEGJE LEARLINGEN WEROM OFT SE FOAR DY KANT KEAZEN HAWWE EN FREEGJE TROCH! BRÛK DÊRFOAR DE SEIS SOKRATYSKE FRAGEN. WIIS DE BERN OP DE SOKRATYSKE HÂLDING. UNDER IT PETEAR KIN IT WÊZE DATLEARLINGEN FAN MIENING FERoarJE, DAN KINNE SE FANSELS FAN PLAK WIKSELJE.

OFSLUTING

SLÛT IT PETEAR ÔF AS DE KONSINTRAASJE OP IS EN/OF DE PLANDE TIID FOARBY IS. BRÛK FOAR DE ÔFSLUTING DE KONKLÛZJE- EN EVALUAASJEFRAGEN.



JA JONGU, NEE JUH!



STELLINGEN:

SKELLE IS SLIMMER AS SKOPPE.

NEGERE IS SLIMMER AS SKELLE.

ONLINE PESTE IS SLIMMER AS FYSYK PESTE.

JONGES PESTE MEAR AS FAMKES.

BERN PESTE MEAR AS DE ÂLDEN.

AS MEN PLEAGE WURDT MEIST WEROM PLEAGJE.

DYJINGE DY'T NEAT DOGGE BINNE SKULDIGER AS DE PESTER.

DE PESTER IS IEN DY'T THÚS NET LOKKICH IS.

BERN DY'T GJIN MERKKLEAN DRAGE MEIST PLEAGJE.

PESTE BERNE BINNE DER SELS FERANTWURDLIK FOAR DAT SY PESTEN WURDE.

IN PESTER MOAT STRAF KRIJE.

DE MEIRINNERS MOATTE STRAF KRIJE.

PESTEN HEART BY IT LIBBEN.

PESTE BERN BINNE OARS AS OARE BERN.

RODDELJEN IS IN FOARM FAN PESTEN.

IEN KEAR IN PESTER, ALTYD IN PESTER.

DO WITST PAS HOE'T IN PESTE HIM FIELT AST IT SELS MEIMAKKE HAST.

HARREKRASTES!



DILEMMA'S

DE PESTER MOAT STRAF KRIJE.

OF DE PESTER MOAT JILD BETELJE OAN IT SLACHTOFFER.

NOAIT MEAR SKELLE YN 'E WRÂLD.

OF NOAIT MEAR SLAAN YN 'E WRÂLD.

NOAIT MEAR FYSYK PLEAGJE.

OF NOAIT MEAR DIGITAAL PLEAGJE.

NIMMEN LAKET EA OM WATSTO SEIST.

OF DO MOATST ALTYD LAITSJE AS IEN PESTEN WURDT.

WURDST PLEAGE, MAR HAST IN SUPERGOED RAPPORT.

OF DO WURDST NET PLEAGE MAR HELLEST MINNE SIFERS.

ELKENIEN HEART WATSTO TINKST.

OF DO HEARST WAT ELKENIEN TINKT.

WURDST PESTEN OP SKOALLE, MAR HAST IT THÛS HIEL GESELICH.

OF WURDST NET PLEAGE OP SKOALLE MAR THÛS IS DER ALTYD SPUL.

MILJONÊR WÊZE SÛNDER FREONEN.

OF SWALKER WÊZE MEI IN PROTTE FREONEN.

JIM HEIT EN MEM STOGGE ALLES WATSTO DOCHST FIA KAMERA'S.

OF JIM HEIT EN MEM LÊZE AL DYN WHATSAPP-BERJOCHTEN.

FILOSOFARJE MEI IT BOEK JOU MY DE ROMTE! BART KINGMA.
DIT IS IN ÛNDERDIEL FAN IT PROJEKT ANNO N.

KONTAKT:

JOLANDA.VERHOEF@NHLSTENDEN.COM

WWW.TINKDYTUK.NL

WWW.ANNON.FRL